FFU Feriening foar Frysk Underwiis

Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging

Korrespondinsjeadres: Th.Dykstra
Hearedyk 9
8735 HN Itens

Oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
8911 LZ LJOUWERT

Underwerp: de ûnderwiisynspeksje yn Fryslân en it Frysk

Ljouwert, 26 juny 2003

Achte kolleezje,

Yn Fryslân bestie in jierrenlange tradysje dat yn de ynspeksje fan it ûnderwiis, en dan benammen dy fan primêre ûnderwiis, ynspekteurs sieten dy't foldwaande *Fryskkundich en Frysksinnich* wiene. Wy tinke dan bygelyks oan minsken as Sipkens, Boelens, Elzinga, Kuindersma en Durkstra. Yn it fuortset ûnderwiis kin de namme fan ynspekteur Steur neamd wurde. Mei de pensjonearring fan ynspekteur Sicco de Jong yn 't sicht driget der in ein te kommen oan dy tradysje.

Koartlyn binne de ynspeksjekantoaren yn Ljouwert sletten en wurde de ynspeksje-aktiviteiten fan bûten de provinsje oanstjoerd. Sa'n situaasje is bepaald net geunstich foar in ynspeksje mei in iepen each foar de twatalige situaasje yn Fryslân.

De lêste jierren binne der ynspekteurs beneamd dy't folslein net oan boppeneamde kriteria foldwaan kinne en dêr't langer gjin stimulearjende ympulsen fan út geane as it giet om twataligens en de Fryske taal en kultuer. Somtiden is it sels oarsom as wy de lûden út it fjild goed beharkje. Dat makket ús perfoarst net fleurich. Wy wolle dêrom ús noed en soarch útsprekke dat der mei in te min oan Fryskkundigens en in te min oan Frysksinnigens yn de ynspeksje, wat Fryslân oanbelanget, net foldien wurde kin oan de *Wet op it ûnderwiis-tafersjoch* fan 1 sept. 2002. It kin hast net oars of

- it *beoardieljen* fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis op basis fan ûndersyk,
- it *befoarderjen* fan de kwaliteit fan it ûnderwiis op dat mêd,
- en it *rapportearjen* dêroer sil yn 'e knipe komme.

No't it Frysk yn in faze sit dat de ynfolling fan kêst 8 fan it *Europeesk Hânfest foar regionale of minderheidstalen* (1996) en de ymplemintaasje dêrfan mei help fan in provinsjaal *Plan fan Oanpak* om in kwalitatyf heechsteande stimulearring en kôntrole freget, kin it net oars of de ynspeksje sil yn de takomst sèls ek foldwaan moatte oan hege kwaliteitseasken op it oanbelangjende mêd. De kwaliteitseasken hearre neffens ús gefolgen te hawwen foar de

beneamingseasken fan de takomstige ynspekteurs dy't Fryslân (mei) as har wurkterrein hawwe.

As minimale eask tinke wy oan *saakkundigens* op it mêd fan de twataligens en it twatalich ûnderwiis en in goede *mûnlinge en skriftlike behearsking fan it Frysk* op it *nivo* fan de Afûk-akte, mar it *nivo* fan in twaddegraads foech Frysk hat ús foarkar.

Wy pleitsje der boppedat foar dat de Provinsje Fryslân wat it *beneamingsgbelied* oanbelanget mear te sizzen kriget oer wa't Fryslân as syn/har wurkgebiet kriget. De foarm dêr't dat yn kinne soe, freget neier omtinken. De ôfspraken dy't de Provinsje dêr mei it Ryk oer makket, soene lizze kinne op it mêd fan it *sels* (troch de provinsje of yn 'e mande mei ien of twa oare provinsjes dêr't ynspektearre wurde moat) beneamen (dat sil grif in wetswiziging freegje, mar dat liket ús perfoarst gjin beswier), it *mei*beneamen of it útsprekken fan in *feto* as de provinsje twifelet oan de geskiktens fan in kandidaat.

Faaks binne der noch oare oplossings te betinken dy't temjitte komme oan ús soarch, dêr't spitigernôch neat fan werom te finen is yn it *Plan fan Oanpak*. Wol sprekt de provinsje sels syn twivel út (*Plan fan Oanpak*, s. 34-35) oft de ynspeksje yn it ramt fan de nije ynspeksjewet (WOT) wol foldwaande romte kriget om ûndersyk te dwaan nei de stân fan saken op it mêd fan it Frysk. Wy binne it mei jimme iens dat der dêrom 'heldere werkafspraken' mei Ryk en ynspeksje komme moatte oer de rol fan de ynspeksje. Neffens ús jout dit brief in goede oanset om ta goede *ôfspraken* en *regelings* te kommen. Wy hoopje dat jimme it mei faasje oppakke sille.

Mei rju achtinge,

drs. Th. Dykstra,
foarsitter FFU

Ofskriften:
- Prov. Steaten
- Ried fan de Fryske Beweging
- Media: deiblêden FD en LC, Omrop Fryslân
- Konsultatyf Orgaan
- Berie foar it Frysk
- Fryske Keamerleden